

Fryske tsjinst Grutte Tsjerke



4 april 2020

11.00 oere Grutte Tsjerke te Drachten

Peaske

Foargonger: Dûmny Liuwe Westra

Oargelist: Johannes de Graaf


Sjonger: Henk Bijma

trompetist: Folkert Hans Tolsma



Protestantse Gemeente te Drachten

Ynkomst mei it
ljocht fan Peaske



Ljocht fan Kristus! Hear, wy tan-kje Jo.

Wolkom

yntochtsliet: Psalm 21: 1, 2, 3 en 4 - *Wat is de kening bliid, o Hear!*

1 Wat is de kening bliid, o Hear!
Hy sjongt fan geunst en gloarje,
Jo joegen him fiktoarje.
Hy krige al syn hertsbegear:
him siert in gouden kroan,
dy droegen Jo him oan.

3 Jo seine draacht him dei oan dei;
hoe mei it hert him tille
fan klare lok en wille.
Hy wit: de Heare bliuwt my nei;
by alle muoite_en lêst,
de Heechste hâldt my fêst.

2 Om libben frege syn gebed –
fermeardering fan dagen
joech him jo wolbehagen
en jo genede hat him ret:
't is ivige hearlikheid
en hege majesteit.

4 Jo hân sil al jo haters slaan;
dy't har tsjin Jo ferwarre,
jo fjoer sil har fertarre,
har neiteam dylgje en ferdwaan;
en wa't hjir ûnrjocht lijt
wurdt dan foargoed befrijd.

fotum en groet

gebed

Liet 630: 1 en 4 - *Oerein! In ûnferwachte moarn*

1 Oerein! In ûnferwachte moarn,
de dei fan God is kommen.
Yn 't tsjuster briek in maitiid oan,
it hôf tilt op fan blommen.
It libben briek troch ierde_en stien,
Gods leafde hat dit wûnder dien,
wy ha syn stim fernommen.

4 Oerein! Oerein! Hy giet ús foar,
Hy hat it grêf ferlitten.
De moarntiid klinkt sa nij en oars,
jim mei' de nacht ferjitte.
Hy, dy't ús haad is, wiist de wei
en wy, syn leden, geane mei
in nij bestean temjitte.

lêzing: Mattéus 28: 1-10 (út 'e proefoersetting 'Lokkich binne jimme!')

Nei de sabbat, by it lemieren, doe't de earste dei fan 'e wike oanbriek, giene Marije fan Magdala en de oare Marije it grêf te skôgjen. En sjoch, dêr kaam in grutte ierdkok, want in ingel fan 'e Hear dy't út 'e himel delgie en dêr kaam, rôle de stien derfoarwei en gie derboppenop sitten. En syn útsjen wie as de wjerljocht en syn klean wyt as snie. En dy't wacht holden skodden deroer en waarden as deaden, sa bang wiene se. Mar de ingel rjochte him ta de froulju: Jimme hoege just net bang te wêzen, want ik wit dat jim Jezus sykje dy't oan it

krús stoarn is. Hjir is Er net, want Hy is wer yn it libben roppen, sa't Er sein hie: Kom, sjoch it plak mar dêr't Er lein hat. En set gau hjirwei om it tsjin syn learlingen te sizzen dat Er fan 'e deaden weromroppen is, en sjoch, Hy giet jim foarút nei Galiléa, dêr komme jim Him te sjen. Sjedêr, ik haw it jim sein. En de froulju giene gau by it grêf wei, kjel en tige bliid, om mei it boadskip nei syn learlingen te draven. En sjudêr, Jezus kaam har yn 'e mjitte mei it sizzen: Agoeie! En doe't hja by Him wiene, pakten se Him by de fuotten en foelen foar Him op knibbels. Doe sei Jezus tsjin harren: Jim hoege net bang te wêzen. Gean hinne en bring it boadskip oan myn bruorren dat se nei Galiléa ta geane, en dêr komme se My te sjen.

Liet 624 - *Kristus is ferriisd mei macht*

1 Kristus is ferriisd mei macht,
halleluja!
Hillige dei nei neare nacht,
halleluja!
Dy't ferhege waard oan 't krús,
halleluja,
brocht ús yn Gods frijheid thús,
halleluja!

2 Loovje Kristus yn ús liet,
halleluja,
dy't yn hearlikheid gebiedt,
halleluja,
dy't it krús en 't grêf ferdroech,
halleluja,
dat Hy sûnders 't libben joech,
halleluja!

3 Mar it lijen fan Gods Soan,
halleluja,
brocht ús heil en rêding oan,
halleluja!

No is Hy de heechste Hear,
halleluja!
Ingels sjonge ta syn ear',
halleluja!

preek

Bewurking foar oargel en trompet fan Jan Mulder oer: *Jo komt de gloarje*

Liet 642: 1, 2, 3 en 4 - *Ik sis it elk dy't harkje wol*

1 Ik sis it elk dy't harkje wol,
dat Hy ferrize is,
ja, dat Hy by ús wêze wol
yn leechte en gemis.

3 No komt it einlings oan 'e dei:
de wrâld wurdt heitelân,
in libben dat ferburgen lei
ûntfange we_út syn hân.

2 Ik sis it rûn, en jong en âld
mei 't fierder drage hjoed,
oant oer de einen fan 'e wrâld
de moarntiid komt mei gloed.

4 De wrede, sterke dea is wei,
te sink gien yn 'e see;
no blinkt foar elk in ljochte dei
en leit de takomst ree.

gebedens, ôfsletten mei stil gebed en Us Heit

*Us Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo Keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden*

*sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it Keninkryk
en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen*

We harkje nei oargel en trompet mei: *Kristus is ferriisd mei macht*

kollekte 1. Bern yn de knipe yn Súd-Afrika 2. Pastoraat 3. Aldereinpastoraat

slotliet: Liet 637 - *O flam fan Peaske, stek ús oan*

1 O flam fan Peaske, stek ús oan
op dizze bliere nije moarn!
De Hear, foar wa't de nacht ferfljocht,
stie op; Hy is as 't sinneljocht!

3 Foargood is de_âlde nacht no dea,
de takomst blinkt as moarntiidsrea.
Sjoch hjir hoe't God ferjouwend is
en hoe't syn leafde bliuwend is.

2 De Heit lit net yn 't grêf foar dea
syn bern dat o sa'n freugde bea.
Hy tilt it op út kâlde grûn –
it rint as fjoer de ierde rûn.

4 Sjoch hjir it ljocht fan lange doer,
sjoch hjir de Soan, de sinne,_it fjoer:
o flam fan Peaske, stek ús oan
op dizze bliere nije moarn!

seine

Alle lieten binne út it Fryske Lieteboek: Sjonge en bidde thús en yn tsjerke, 2015

Ps. 21 - Beriming: Bernard Smilde

Liet 630 - tekst Ad den Besten – 'Sta op! – Een morgen ongedacht'

oersetting Cor Waringa, meldij Melchior Vulpius – 'Lobt Gott den Herrn, ihr Heiden all'

Liet 624 - tekst Lyra Davidica 1708 – 'Jesus Christ is risen today'

oersetting Fedde Schurer en Cor Waringa, meldij Londen 1708, letter feroare – EASTER HYMN

Liet 642 - tekst Novalis – 'Ich sag es jedem dass er lebt'

oersetting Eppie Dam en Douwe A. Tamminga,

meldij Johann Crüger – 'Nun danket all und bringet Ehr'

Liet 637 - tekst André Troost – 'O vlam van Pasen, steek ons aan', oersetting Jan Popkema

meldij Henri Abraham César Malan? – 'Daar juicht een toon, daar klinkt een stem'

De kommende 11-oeretsjinsten yn de Grutte Tsjerke binne:

11 april Ds. Jaap Kraan út Burgum

18 april Ds. Jan Bolt

De kommende Fryske tsjinst yn de Grutte Tsjerke is:

6 juni 11.00 oere Ds. Piet Beintema, Dokkum